

# Lieteboek: wachtsjen is op diel twa

It nije, oekumenyske *Lieteboek* - de yntegrale Fryske oersetting fan it *Liedboek* - ferrommet de tsjerklike praktyk, ferriket it Frysk en jout de leauwige minske in wider útsjoch. Wol spitich is de minimale ynbring fan oarspronklik Frysktalige liturgyske lieten.

## Opinie

Abe de Vries

**A**chte oanwêzigen, ik begjin mei de wurden te werheljen dy't hjoed, op njonnen dagen nei, presys hûndertenien jier lyn útsprutsen waarden yn in oare Martinitsjerke en yn in oare fan de alve stêden, nammentlik te Frjentsjer:

'It liet fan it minskdom! Machtich en fol klinkt it troch de hege sealen fan 'e tiid. It sjongt fan grutte striid om it ljocht te finen. (...) It sjongt fan bliidskip, fan 'e reïne bernelaits, fan it ljochte lok dat de jonge jierren yn 't herte drage, as de himel fan bliid ferwachtsjen iepen gie (...). Mar dat liet, it kleit ek oer sûnde en skuld. Fan 'e tsjustere need sjongt it, dy't it kweabegearen bringt, al mar wer by eltsenien, ja, by elts minske. (...) En dat liet ferhellet ek, hoe't ivich neist de minsken gong dat tsjustere wêzen mei de djippe, stille eagen, dat wy smert neame - hja wenne yn 'e stins fan 'e Martena's en Galama's, hja trêde neist de boer op 'e eker as hy mei it glânzjend izer rjochte fuorgen snie, hja siet by him yn 't lytshûs en makke it brea dat hy iet wol bitter, hja slûpt tusken de masines yn 'e gûnzjende fabryk - en hja sit yn it kantoor fan 'e hannelsman. Fan dat alles sjongt it liet.'

Sa begjint de preek dy't frijsinnige, 'reade dûmny' Sybe Kornelis Bakker op 17 maaie 1914 hold yn in bomfolle Martinitsjerke fan Frjentsjer; de preek dy't mei dy fan dûmny Geert Aeilco Wumkes op 3 jannewaris 1915 yn Tsjom jildt as de earste preek yn ús eigen taal, it Frysk. Troch dat 'liet fan it minskdom' hinne hearde Bakker it rûzjen fan 'it nea ophâldende ferlangen nei de sekerheid fan Gods leafde'. Is it net krekt dat liet, en wat dêr trochhinne rûzet, dat it nije, sterk oekumenyske *Lieteboek* hearre lit, yn mear as tûzen farianten, psalmen, mar ek lieten, beaën, gedichten en oertinkingen út ûnderskate tradysjes fan leauwe wei, en út gâns mear talen as inkeld út it Hollânsk wei yn it Frysk oerbrocht?

### Kulturele betsjutting

My is frege om wat te sizzen oer de kulturele betsjutting fan it *Lieteboek*, *sjonge en bidde thús en yn tsjerke*, de ferline moanne ferskynde yntegrale Fryske oersetting fan it nije *Liedboek*. *Zingen en bidden in hûs en kerk* (2013). Lykas te ferwachtsjen falt by in lytse minderheidstaal lykas de Fryske, bestiet syn liturgyske tekststrykdom benammen út oersettingen. Al soe men it ek positiver formulearje kinne: it Frysk stie altyd iepen foar oarstalige ynfloeden oer en wiisde de Hollânsktalige tradysje net ôf as 'ûnfrysk'. Alsa bestiet te uzes in tradysje fan 'imitatio', dêr't ek it nije *Lieteboek* in foarbyld fan is. De Hollânske oanpak is net inkeld de noarm mar ek it model; dat wie sa en dat is noch altyd sa. Dat kin ek dreech oars yn sa'n lytse minderheidstalige kultuer, en boppedat kin

sok neifolgen ek dúdlike foardielen meibringe. Men kin - in praktysk argumint - mei oersettingen ta eigen nut maklik oanslute by bestend wurk. Men behâldt ferbinningen fan de eigen mei in oare, gruttere talige kultuer; de grutte wrâld wurdt om samar te sizzen sûnder folle muoite foar de lytse iepenlein. Dochs komt de minimale ynbring fan ús 'eigen' liturgyske produksje yn it *Lieteboek* op my oer as in gemis. De 'Fryske' bydrage oan it Hollânsktalige *Liedboek* bestiet út fiif lieten

## Ik hâld it by in protte lof, want dat fertsjinje it redaksjonele tiim en de oersetters fansels

fan Fedde Schurer; yn it *Lieteboek* is dêr noch ien fers fan Gysbert Japicx bykaam. Mar dat is dan ek alles. Yn alle wynstreken fan de wrâld hat de redaksjekommisje fan it *Liedboek* geastlike lieten opdúkele dy't de muoite wurdich achte waarden om op te nimmen, mar amper wat fan wearde hat de kommisje fûn, sa liket it, yn it Frysktalige noarden fan it eigen lân. En dat wylst dichters fan Fryske komôf al jierren liturgyske teksten produsearje, teksten fan hege kwaliteit, dy't ek lanlik bekroane binne; tink oan de geastlike teksten dy't dichter Eppie Dam skreaun hat, gauris mei meldjien fan Hindrik van der Meer, en soartgelikense teksten fan Margryt Poortstra op muzyk fan ûnder oaren Jan de Jong.

Soks bewiist noch mar in kear de marzjinale posysje dy't ús vaderlandse kommisjes de regionale kultuer tapartsje wolle. Myn útstel soe hjoed wêze om jin dêr net by del te lizzen. It nije *Lieteboek* is net kompleet salang't de Fryske kultuer neiliet om in twadde diel ferskine te litten: in diel, it mei wat minder tsjûk wêze, dat net op de nisneamde 'imitatio' berêst, dus in diel mei oarspronklik-Fryske liturgyske teksten.

### Begryplik

Oer de kwaliteit fan de oersettingen yn it nije *Lieteboek* sil ik de mûle net systematysk spiele. Ik hâld it by in protte lof, want dat fertsjinje it redaksjonele tiim en de oersetters fansels, en ik meitsje mar in inkelde krityske opmerking. De geast dy't troch in part fan de teksten waait, it tink dan benammen oan de Psalmen, is dy fan de *Bijbel in Gewone Taal*, soe ik mei wat oerdriuwen sizze wolle. By it oersetten wurdt



It *Lieteboek* yntrodusearret op 'e nij in fokabulêr foar in part fan it libben dat fierhinne út it omtinken rekke is. Foto: FPB/ Marchje Andringa

hjiir dúdlik omtinken jûn oan it begryplik meitsjen foar de geast fan de tiid - en fansels is dêr folle foar te sizzen. Dat wol net sizze dat sok oanpassen noait mis gean kin.

Fan dat lêste jout de oersetting fan Psalm 84, fers 2, troch Gerben Brouwer in foarbyld. It âlde *Lieteboek* joch, ik sitearje: 'It heil dat oer de Sion leit / jout alle libben feilichheid, / foar alle fûgels binne nêsten: / de mosken ûnder 't pannetek, / de swellen boppe 't gollefek (...). Yn it nije *Lieteboek* is Brouwer syn oersetting ek opnommen, mar no stiet der: 'It heil dat oer jo wente leit / jout alle libben fêstichheid, / de fûgels fine dêr har nêsten. / De swellen fleane út en yn, / de mosken wenje boppe 't bynt (...).'

'De Sion' is 'jo wente' wurden, mar opfallender is dat de swellen no út en yn [jo wente] fleane ynstee fan ûnder 't pannetek har nêsten hawwe. En net de swellen mar de mosken wenje no boppe 't bynt. It sil allegear yn gong set wêze troch it idee dat jongere generaasjes net mear witte wat in 'gollefek' is. Likegoed jout jin dat net it frij om de mosken mar ûnder 't pannetek wei te ferbaljen nei boppe 't bynt - in romte dêr't mosken nammers hielendal net wêze wolle.

### Follesidiger en ôfwikseljender

Ik gean der fan út dat de kulturele betsjutting fan it *Lieteboek* sa't it no foar ús leit krekt mei útmakke wurdt troch syn oekumenysk profyl. Oekumene betsjut net dat alle religieuze-achtige tinkbylden foar ús sels like folle wearde hawwe moatte - it betsjut wól dat wy iepen stean wolle foar de oare en it oare. Wat dat oanbelanget is it *Lieteboek* in útdrukking fan de multikulturele tiid dêr't wy yn libje, dy't fan ús dat iepen stean

freget. Foar de Frysk-liturgyske praktyk kin it *Lieteboek* hânfetten oanrikke om de godstjinstfierungen follesidiger en ôfwikseljender te meitsjen, djipper en útnoegjender, riker en poëtysker. By goed gebrûk sil it *Lieteboek* de belangstelling foar oare tradysjes fan leauwe oanfiterje; it sil ek ûnderwerp wêze kinne fan tematske byienkomsten, peteargroepen, sels fan ien-op-ien petearen.

It *Lieteboek* hat ek betsjutting foar de taal sels, it Frysk, en dus ek foar de kultuer yn Fryslân yn bredere sin. It leauwe - of gewoan it tinken

## Dochs komt de minimale ynbring fan ús 'eigen' liturgyske produksje yn it *Lieteboek* op my oer as in gemis

oer it 'hegere' of it 'ûnbegryplike' of it 'sublime' - hat gâns in fear litte moatten by alle sekularisaasje; it is foar in protte minsken weidreaun nei de ränen fan it blikfjild. Mar dwers tsjin de marginalisearing fan it leauwe yn giet de opkomst fan de multikulturaliteit en it lêste desennium ek de opgong fan it islamitysk fûnemintalisme. Soks noegt út ta

werbesinning op de wrâldgodstjinsten en de kristlike kultuer en dus ek op it plak dat it leauwe yn ús eigen tinken en fielen ynnimt. Wat dat oanbelanget komt it *Lieteboek* op it goede momint, meidat it net inkeld op kollektive wize yn tsjerke by offisjele earetsjinsten brûkt wurde wol, mar ek thús, op mominten fan besinning, freugde of ferlies.

### Yndividu

Dat it *Lieteboek* dêr nije taal foar oandraacht, is ek foar de taal sels, it Frysk, fan betsjutting. It *Lieteboek* yntrodusearret op 'e nij in fokabulêr foar in part fan it libben dat fierhinne út it omtinken rekke is en dat no wer op 'e doar kloppet. 'It liet fan it minskdom', dêr't Bakker oer spruts, is it liet fan it sykjen nei God, mar dêrom tagelyk ek it liet fan de twifel, de ûntsetting en de ferfrjemding. Hoe better as yn de eigen taal sil de minske dy spoeken de baas bliuwe kinne? Hoe better as yn de eigen taal sil er fine kinne wat er siket? Hoe sil de minske de krêft dy't it leauwe jout fine, as er him net sykje kin yn syn eigen taal? Hoe sil er de wei fine om te gean, as er net omfreegje kin yn syn eigen taal?

Dat is, ta beslút, de tredde betsjutting fan it *Lieteboek*: net foar de liturgy, net foar taal en kultuer, mar foar it yndividu sels. Dat fynt hjiir it geastlik ridskip dat er siket om himsels frijer te meitsjen yn wat er leaut en leauwe wol.

• Dit is in sterk ynkoarte fersy fan in lêzing dy't Abe de Vries juster hold yn de Martinitsjerke fan Boalsert op it mini-symposium 'Lieteboek en Fryske kultuer'. Abe de Vries is dichter en einredakteur/sjoernalist by it Friesch Dagblad